

I.F.A.T.
It Frysk Amateur Toaniel



Oprjochte 24 july 1953 troch
BFT - FBOU - IT SELSKIP

**JIERFERSLACH
&
JIERREKKEN
2016**

Augustus 2017

I.F.A.T.
It Frysk Amateur Toaniel



Oprjochte 24 july 1953 troch
BFT - FBOU - IT SELSKIP

FOAROPWURD

“Stifting It Frysk Amateur Toaniel”

Neffens de dêrfan opmakke stiftingsakte fan 30 desimber 1959 waard de “Stifting It Frysk Amateur Toaniel”, tenei neamd IFAT, oprjochte op 24 july 1953 troch 3 Frysktalige organisaasjes, te witten:

- a. Boun Fryske Toanielselskippen *)
- b. Frysk Boun om Utens
- c. Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse fan 1844

*) It BFT is yn 2001 opgien yn STAF en is no doelgroep BFT selskippen – dg BFT selskippen

De haadreden fan it oprjochtsjen fan IFAT is it bondeljen fan alle organisaasjes, sawol yn as bûten de provinsje Fryslân, dy’t ta doel hawwe it fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer en yn it bysûnder it opfieren fan Frysktalich toanielwurk troch amateurs.

IFAT besiket dat doel nei te stribjen troch it stypjen fan toanielkrigen, fan stúdzjedagen en stúdzjewykeinen, fan karmasterskursussen, fan kursussen beljochting, dekorbou en oare toanielomballingen, rezjykursussen en it befoarderjen fan lêzen en foarlêzen yn de Fryske taal. Mei it Foarlêsprojekt wurdt ek omtinken jûn oan meartaligens, benammen it Stellingwerfs en it Bildts.

De wurkfjilden fan IFAT lizze oer hiel Nederlân ferspraat.

Subsydzje

De provinsje Fryslân stipet it wurk fan IFAT en it Foarlêsprojekt.

Foar it Foarlêsprojekt kriget IFAT ek subsydzje fan de gemeente Ljouwert.

IFAT is tige wiis mei de bydragen.

I F A T : De takomst fan it Frysk binne wy sels!

<p style="text-align: center;">Stiftingsbestjoer – Earelid – Sekretariaat en Ynformaasje Toanielboekerij – StUFT – WA / Transportfersekering - BSF</p>

Op 1 jannewaris 2016 wie IFAT bestjoer sa gearstald:

- Foarsitter: Mefrou G. J. Frieswijk, Mûneleane 26, 8454 KJ Mildaam
0513-632989
fertsjintwurdiger fan STAF/dg. BFTselskippen
Yn bestjoer 7 july 1984, 9 desimber 1989 yn funksje foarsitter
- Skriuwer: Hear K. Kuipers, Willem Loadewykstrjitte 115, 8933 BL Ljouwert
058-2125383
fertsjintwurdiger Selskip Fryske Tael en Skriftekennisse
Yn bestjoer 27 febrewaris 1993, 2 oktober 1999 yn funksje skriuwer
- Skathâlder: Hear A.W. Wijbenga, Foarwei 1, 9294 KC Aldwâld
0511-431207
fertsjintwurdiger Selskip Fryske Tael en Skriftekennisse
Yn bestjoer 6 juny 2009, 7 desimber 2013 yn funksje skathâlder
- Lid: Mefrou P. Westdijk – Kaastra, Het Spoor 20, 3994 AK Houten
030 - 2318224
fertsjintwurdiger fan Frysk Boun om Utens
Yn bestjoer 29 maaie 2015
- Lid: Hear J. Wesselius, Otterwei 38, 8538 XE Bantegea
0514-551505 of 06-13303274
fertsjintwurdiger fan STAF/dg. BFTselskippen
Yn bestjoer 20 septimber 2014
- Lid: Hear H. Dijk, Zonneweide 10, 2411 LJ Bodegraven
0172 – 613143
fertsjintwurdiger fan Frysk Boun om Utens
Yn bestjoer 15 febrewaris 2014
- Earelid: Hear P. de Groot, Romke van Damwei 4, 8406 EL De Tynje
Eardere skathâlder / administrateur Ifat, op 29 juny 2014

**Sekretariaat IFAT: Willem Loadewykstrjitte 115, 8933 BL Ljouwert
058 – 2125383 e-post: k.kuipers1938@kpnmail.nl
Bankrekkennûmer NL16 RABO 0322 9458 44
RSIN / fiskaal nûmer ANBI 819 465 963**

YNFORMAASJE

Toanielboekerij

Yn in gearwurkingsferbân (IFAT en STAF / doelgroep BFT selskippen) wurdt sûnt 1985 soarge, dat der in sa folslein mooglike biblioteek fan eardere Frysktalige toanielstikken oanfold en tagonklik makke wurdt foar elts dy't niget oan toaniel hat.

De behearder soarget foar it yn stân hâlden en oanfoljen fan de boekerij, soarget foar it systeem en de katalogus.

By de behearder kinne selskippen ynformaasje freegje oer hokker stikken yn de boekerij oanwêzich binne en kinne stikken op besjen oanfrege wurde.

Foar fierdere ynformaasje sjoch taheakke bylage.

Behearder Toanielboekerij:

Mefrou T. Pool-Bruinsma, Ds. Carsjenssingel 27, 9216 VV Aldegea
0512 – 775293 e-post: tinekepool@upcmail.nl

StUFT: Foar ynformaasje oer resinte stikken, skilje mei Gerda van der Wijk
058 234 30 80 e-mail: g.vdwijk@afuk.nl .

Woansdei, tongersdei en freed fan 09.30 – 13.00 oere.

Of sykje yn de katalogus, sjoch op de webside fan StUFT: www.stuft.nl

WA / Transportfersekering

Foar alle ferienings, Kriten en selskippen fan de by IFAT oansletten organisaasjes hat IFAT yndertiid in WA/Transportfersekering ôfsletten.

Dizze fersekering hat de ôfrûne jierren al fertuten dien, want ferskate ferienings ha in oprûne skea fergoede krigen.

De ferienings, Kriten en selskippen sille der goed omtinke moatte watfoar weardefol guod op it toaniel set wurdt en fierders foar de oanklaaiing brûkt wurdt.

Want ek hjirfoar jildt: In soad skea kin maklik ta preemjeferheging liede.

De oansletten organisaasjes betelje de preemje neffens it tal leden.

Ynformaasje: Skathâlder Dries Wijbenga.

Bibleteek Service Fryslân

BSF fersoarget mei yngong fan 2014 de útfiering fan de finansjele administraasje fan IFAT. Ek yn 2016 hat BSF de útfiering fan de finansjele administraasje fan IFAT fersoarge.

De gearwurking foldocht oer en wer goed.

De skathâlder ûnderhâldt de kontakten en jierliks hat it DB in oerlis mei de hear Amperse.

Stifting IFAT - Organisaasje en Bestjoer

Stifting Utjouwerij Frysk Toaniel

Yn eardere jierferslagen waard ynformearre oer de gong fan saken oangeande it Kolleezje fan advys en it opheffen fan dat Kolleezje. Yn it kolleezje hiene fiif toanielorganisaasjes in sit: FRATS (*Fryske Amateur Teaterskoalle*), StUFT (*Stichting Utjouwerij Frysk Toaniel*), IFAT (*It Frysk Amateur Toaniel*), Tryater (*Frysk berops teaterselskip*) en STAF (*Stichting Amateurtoaniel Fryslân*)

Foar Stuft wie it opheffen fan it Kolleezje in minne saak, hja wiene in ferbân en oerlis / gearwurkingsfoarm kwyt.

Op fersyk fan Stuft nimme ôffurdigers diel oan de gearkomsten fan bestjoer IFAT:

Hear P. Renia, foarsitter Stuft en mefrou T. Hoekstra, koördinaasje lêskommisje en byhâlder list oersetters. Ferfanger: Mefrou A.M. Gaikema.

Ein 2015 / begjin 2016 wie it aardich stil oan it front fan StUFT.

Yn febrewaris 2016 kaam der in brief yn fan de foarsitter de hear P. Renis.

Op eigen manneboet hat hy skreaun dat StUFT selstannich bliuwe wol en fierder gjin gearwurking mear siket mei IFAT. StUFT hat neffens sizzen goeie kontakten mei STAF.

Bestjoersgearkomsten fan Stifting IFAT

IFAT bestjoer kaam yn 2016 fiif kear byelkoar en wol op 23 jannewaris (ekstra), 20 febrewaris, 14 april, 7 july en 24 novimber.

It deistich bestjoer hat oerlis hân op 8 maart en 24 juny nei in besite oan Bibliotheek Service Fryslân, de hear M. Ampere.

Underwerpen fan besprek wiene:

- It wurk fan de oansletten organisaasjes en Stuft
- Brief Piter Renia
- It ôfheakjen fan StUFT
- Takomst fan IFAT
- Gearstalling bestjoer
- Skathâldersoerlis oansletten organisaasjes
- Organisaasjes en IFAT ynventarisasje knyppunten
- Boekerij IFAT / STAF
- Jierferslach, jierrekken 2015
- Produktplan / begrutting 2017 – 2020 - Mearjierrenplan
- Produktplan / Begrutting IFAT 2017
- Produktplan / Begrutting Foarlêsprjekt 2017
- Fuortgong IFAT - Provinsje / oerlis amtners (25 maart en 23 augustus)
- IFAT / STAF – oerlis amtners Provinsje 14 septimber
- Subsydzje IFAT (Bestjoersôfspraak)
- Subsydzje foar it Foarlêsprjekt
- Gemeente Ljouwert subsydzje foar it Foarlêsprjekt
- Ofskie mefrou Saskia Tuit, Provinsje Fryslân

- Subsydzjeregeling Iepen Mienskipfûns fan de Provinsje
- IFAT / STAF korrespondinsje mei RABObank oer Fersekeringen
- Ynformaasje oer Aksje ‘Plan 23’ fan FBoU
- Kulturele Haadstêd / Nijsbrief
- ANBI status, IFAT is bestjoerlik en finansjeel te finen op de hiemside FBoU
- Jierliks besprek yn it kader fan ‘Goed Bestjoer’ - 23 Oanbefellings
- Roaster fan bestjoer IFAT
- Fersekeringen frijwilligers / bestjoerlike oanspraaklikheid
- Boekjiersubsydzjes – gearkomste Provinsje Teater Snits (27 jannewaris)
- Fertsjintwurdigingen
- Jildsaken
- Húshâldlike saken

Skathâlderoerlis

Op tongersdei 24 novimber 2016 is it Skathâldersoerlis organisearre om meielkoar de wurkwize fan begrutsjen / ôfrekkenjen en it oanleverjen fan dy gegevens oan IFAT troch te praten.

De administraasje fan IFAT wurdt fersoarge troch BSF (= Bibliotheek Service Fryslân), de skathâlders fan de trije organisaasjes fierder ynwurkje en de regeljouwing / betingsten fan de Provinsje besprekke.

Oanwêzich wiene skathâlders / foarsitters fan de oansletten organisaasjes, te witten:

STAF – Ben Frootman,
 FboU – Hâns Dijk en Pietie Westdijk – Kaastra,
 SELSKIP – Tineke van der Woude
 IFAT / SELSKIP – Dries Wijbenga en Kees Kuipers
 IFAT – Geeske J. Frieswijk

Punten dy’t oan ‘e oarder kamen wiene:

- Ofrekken 2015
- Foarskot 2016
- Hoe ferrint 2016 finansjeel?
- Kollektive fersekering
- Mearjierreplan 2017 - 2020
- Produktplannen / Begruttingen IFAT en Foarlêsprjekt 2017

Kontakten mei de “Efterbân”

Op de jiergearkomsten en jubilea fan STAF, FBoU en Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse hat IFAT har jimmeroan fertsjintwurdigje litten troch in bestjoerder. Bygelyks: de Slútjûnen fan STAF yn Drachten, bywenjen fan Algemiene gearkomsten en by ôfskie fan bestjoerders fan oansletten organisaasjes.

Op útnoeging fan foarsitter Hâns Dijk fan it Frysk Boun om Utens, dy’t ek foarsitter fan de krite Boadegraven is, hawwe Dries Wijbenga en Kees Kuipers mei sydsulver op 12 maart 2016 it jubileum bywenne fan de krite Boadegraven.

Fierdere aktiviteiten / fertsjintwurdigingen

Provinsje

Konsultaasjerûnte “Proces herontwerp aanvraag boekjaarsubsidies” – de hear P. Wieringa

De bedoeling is om it proses fan oanfreegjen / beskikken fan boekjierssubsydzjes te ferienfâldigjen en oanslúte te litten op de systematiek fan it Ryk.

Yn ferfolch hjirop hawwe op 27 jannewaris 2016 mefrou Geeske Frieswijk en de hear Kees Kuipers op útnûging fan de ôfdieling Kultuer, Taal, Underwiis en Sport yn teater Snits in enkête ynfold mei help fan ‘tablets en smart phones’ hokker wei de Provinsje ynslaan kin op it mêd fan de boekjierssubsydzje.

It stribjen is dat ien en oar yngean sil yn 2017.

Jierliks petear mei amtners

Dit jier mei, de hear Wessel Satter ôfdieling subsydzjesaken en de hear Eildert Duijff, ús kontaktpersoan by de provinsje.

It petear hat plakfûn op freed 25 maart en tiisdei 23 augustus. Underwerpen fan petear wiene: De takomst fan IFAT en Produktplannen / begruttingen – Formats IFAT 2017 en Foarlêsprjekt 2017.

Ek de boekjierssubsydzje kaam foarby.

Eftergrûn subsydzje IFAT - Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer.

Fan 1953 oant en mei 2002 krige IFAT lânlike subsydzje, yn de rin fan jierren fia ferskate ministearjes. Op 22 febrewaris 2002 hat IFAT berjocht krigen fan deputearre B. Mulder, dat IFAT opnommen is, mei yngong fan 2002, yn de Tredde Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer. De Bestjoersôfspraak is in lânlike ôfspraak fan it Ministearje UK&W en de Provinsje Fryslân om Fryske taal en kultuer te stypjen.

De útfiering fan de Bestjoersôfspraak is dellein by de provinsje Fryslân.

Dizze lânlike subsydzje is foar IFAT wichtich, omdat dit it lânlike karakter fan IFAT ûnderstreket.

Subsydzje Foarlêsprjekt

Ek foar it jier 2017 is wer in Produktplan / begrutting oanlevere mei it fersyk om subsydzje.

Gemeente Ljouwert

Yn de kultuernota fan de gemeente Ljouwert: “ Actualisatie Cultuurvuur – Vlammen in nieuwe tijden “, is ûnder Frysk taalbelied ek wer it Foarlêsprjekt, lêze en foarlêze yn it Frysk oan pjutten op pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen, foar de kommende 4 jier opnaam.

Yn 2016 hat in wikseling fan fertsjintwurdiging by de gemeente plakfûn, fan mefrou Thijsseling nei de hear Jan Michorius. De foarsitter hat de hear Michorius ynpraten. De kontakten ferrinne posityf, oer en wer kin wurke wurde mei koarte linen en de ynformaasje fanút IFAT en it Foarlêsprjekt komt sa te plak.

Toanielboekerij IFAT / STAF

D’r binne in nije A4 mei ynformaasje en in ynformaasje / ôfstimming mei de StUFT beskikber.

Fersekeringen

Yn 'e mande mei STAF hat op 25 novimber 2015 in petear mei de Rabobank plak fûn.

Oan de oarder kamen:

Fersekering IFAT en fersekering STAF. Hokker saken binne yn 'e iene poalis dutsen, hokker yn de oare. Hoe stiet it mei de iepenloftspullen? Mei de bestjoerlike oanspraaklikheid?

Rabobank hat in tal oanpassingen foarsteld.

Yn 2016 hat de RABObank meidield, dat bestjoersleden IFAT net bestjoerlik oansprakelik binne.

Fan de oansletten organisaasjes

S T A F – STIFTING AMATEUR TOANIEL FRYSLAN

De Kriich

Yn 2016 hawwe 48 selskippen / meidien oan de Kriich en der wienen 32 nominaasjes en 12 prizen te winnen. Dy waarden útrikt op de Slútjûn.

De Slútjûn waard organisearre yn de Lawei. En hat de Seleksjekommisje wer in kar dien wa op de slútjûn spylje mei.

Yn 2016 wie it de earste kear dat alle karmasters wurken mei it nije punteseem.

Yn april ha de karmasters mei mekoar evaluearre.

Der kamen 16 evaluaasjeformulieren binnen fan de selskippen, de measte posityf en mei goede ferbetterpunten. Yn juny hat de KK de puntelisten en de proceduere oanpast mei help fan alle opmerkings, foar it nije winterskoft.

Daliks nei de Slútjûn ha de KK-leden en de koördinator petearen hân mei alle karmasters. Dat befalt better dan dit te dwaan yn septimber.

Foarming / Oplieding karmasters

Der binne wer twa opfriskursussen west. Yn 2016 is der in begjin makke om yn 2017 wer in oplieding op te setten foar karmasters.

Dit jier stie ûnder oaren de technyk sintraal (ljocht en lûd troch Koos de Vries). Ek binne der evaluaasjes west mei alle karmasters yn sake de nije opset fan de Kriich. En binne der wer twa karmasters bykaam dy't yn 2015 in oplieding dien hawwe en yn 2016 diplomearre binne.

Slútjûn 2016

Foar it earst dit jier ha wy net twa slútjûnen mar binne we werom gongen nei ien jûn. Op 28 april 2016 wie de jierlikse slútjûn.

Dit jier wiene 7 opjeften foar it mooglik fersoargjen fan de slútjûnen 2016. De komisje hat úteinlik fjouwer premjêrestikken skôge. Dat wiene:

- It Boarnster Kritetoaniel út Aldeboarn mei Swart is sa tryst
- Halbertsma út Wergea mei God fan 'e slachting
- Jounswille út Stynsgea mei De goede dea
- Op Nij Foriene út Oerterp mei De man mei de hippe hoed

It bestjoer fan STAF hat op advys fan de seleksjekommisje besluten de Slútjûn 2016 fersoargje te litten troch Toanielferiening Halbertsma út Wergea mei it stik 'God fan 'e Slachting'. Yn it Frysk oerset troch Betty Schilstra.

Jongerein

Ferskate jongereinselskippen dogge in berop op STAF om stipe foar it opsetten fan produksjes. Sa ek yn 2016.

Sûnt in oantal jierren is STAF drok dwaande mei it fierder opsetten en útbouwen fan it jongereintoaniel yn Fryslân. En dat der hieltyd mear jongerein dwaande is mei toaniel, docht bliken by in soad selskippen yn ús provinsje.

STAF is dwaande mei it jongereintoaniel troch:

*selskippen te helpen en te stimulearjen om jongereinploegen op te setten *jongereinploegen ûnderfiningen útwikselje- en foar elkoar- spylje te litten

*harren te foarsjen fan ynformaasje oangeande aktiviteiten foar jongerein *jongereinploegen te stypjen mei bydrage yn 'e kosten

Dit jier is der gjin Teaterfestival organisearre.

STAF hûndert jier

Yn 2016 is der in Kommisje troch it bestjoer beneamd foar it organisearjen fan 100 jier STAF yn 2018. Dêr foar is der in Regiojûn west yn Burgum om de selskippen te freegjen wat wichtich is om dit feit op in passende wize te fieren.

Dit jier wie der gjin toanielpriis, mar yn 2018 wurdt der in spesjale STAF toanielpriis útrikt.

STAF Toanieladvys

Sûnt it winterskoft 15-16 is der de mooglikheid om STAF toanieladvys oan te freegjen.

STAF hat in databank oanlein mei persoanen en ynstânsjes dy 't advys jaan kinne en stypje kinne by selskippen op ferskate mêden :

Kar fan in stik: sykje – skriuwe - oersetse

Rezjy (bygelyks begelieding yn it repetysjeproses): mise en sêne - tempo en ritme - Spulstyl – tekstbehandeling

Dekor/foarmjouwing - Kostúms / oanklaaiing – Technyk - Muzyk yn in produksje

Foar it toanieladvys kin ek subsydzje oanfrege wurde. It STAF toanieladvys wurdt koördinearre troch Jelle Terwal.

STAF Kommisje Iepenloft

STAF besiket om in ûndersteunende rol foar de Iepenloftselsskippen wier te meitsjen. Yn earsten bestiet dat út de jierlikse gearkomste fan alle selsskippen wêrby yn 2016 in oantal ferteld ha oer de sterke punten fan harren organisaasje mar ek de bedrigingen dy't der binne. Der is ôfpraat dat we dizze gearkomsten fanôf no elts jier op in oar plak hâlde sille en te gast binne by ien fan de Iepenloftselsskippen. We sjogge dan ek efter de skermen by harren en kinne op die wize fan elkoar sjen hoe as in oar mei dizze fantastyske foarm fan teater omgiet.

Hiemside STAF

www.staf-fryslan.nl

De website is foar in grut diel fernijd. Der wurdt hurd oan wurke om de hiele site in oare yndieling te jaan.

Facebook

Op dit stuit brûke wy ek Facebook om ús selskippen en oare belangstellenden te ynformearjen.

Kontakten mei oare organisaasjes

IFAT

IFAT stiet foar It Frysk Amateur Toaniel en is it oerkoepeljende orgaan foar Frysktalich amateurtoaniel yn Nederlân mei lânlike subsidydze. IFAT hat ta doel it fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer en yn it bysûnder it opfieren fan Frysktalich toanielwurk troch amateurs. IFAT stribbet har doel nei troch it stypjen fan toanielkrigen, karmasterskursussen, stúdzjebienkomsten, kursussen rezjy, ljocht en lûd en it befoarderjen fan lêzen en foarlêzen yn de Fryske taal. Under de koepel fan IFAT falle: Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse (taalbefoarding en foarlêspanjekten), Frysk Boun om Utens (Fryske Kritten bûten Fryslân), STAF (Stichting Amateurtoaniel Fryslân).

Keunstwurk

Keunst jout kleur oan it libben. It bringt minsken bymekeoar en biedt somtiden letterlik nij ynsjoch. Yn Fryslân soarget Keunstwurk derfoar dat de keunst foarút komt. Dat dogge se troch it dielen fan kennis, it lizzen fan ferbiningen en it trochfoeren en stimulearjen fan fernijing yn ûnder oaren it amateurtoaniel. In taak wêr se eltse dei fol oertsjoeging oan wurkje. Tegearre mei STAF!

SELSKIP – SELSKIP FOAR FRYSKE TAELEN SKRIFTEKENNISSE

Op de Algemiene Gearkomste fan 20 april 2016 yn de Skûle te Drachten wiene de hjirnei folgjende besprekpunten:

- Jierferslach / Jierrekken ôfrûne jier. Der wurde gjin fragen steld. De Jierrekken wurdt troch de gearkomste goedkard.
- Begrutting kommand jier. Der komt in fraach fan Jean Veenstra, foarsitter krite Drachten: “Kinne jimme wol rûnkomme?”
De foarsitter Selskip anderet hjirop, dat it gjin fetpot is. De administrateur hat him der ôfrûn wike al efkes byroppen, want der wie in tekoart. Mei-elkoar moatte de bestjoersleden de € 300,00 reiskosten nei regio omparte. De gearkomste kosten wurde sa lyts mooglik hâlden troch de gearkomsten te organisearjen by de bestjoersleden oan hûs.
- Berjocht fan behindering is ynkommen fan mefrou T. Loonstra, âld ponghâldster fan de krite De Lemmer. De skriuwer lêst it mailferkear mei har oan de gearkomste foar. Dêryn wurdt ek út ‘e doeken dien, wat der mei it jild fan de opdûkte krite bard is en wêr’t it argyf fan wijlen Johannes de Vries bleaun is. It sintrum fan de stêd De Lemmer sil opkreeze wurde en it oerbleaune jild fan de krite De Lemmer sil brûkt wurde om der in houten bankje del te setten mei opskrift: Skonken troch krite De Lemmer.
- Mefrou T. Loonstra hat hielendal gjin meiwurking krigen fan de eksekuteur testemintair by it oprûmjjen fan it hûs en húsrie fan de hear Johannes de Vries. Hja krige gjin tagong en der waard sein, dat der gjin argyf wie.
- Wat ha wy oan it Selskip? Antwurd wurdt jûn troch de hear Kuipers mei it skriuwen Unbekend makket ûnbemind. Hy fertelt oer de skiednis, wêrom de kritten oprjochte binne en jout oan wat it Selskip hjoed de dei docht. Mefrou Frieswijk folt oan : Wat it Selskip woe en die yn 1844 – docht it hjoeddedei opnij mei it Foarlêspanjek: It stypjen fan de Fryske taal en it Frysk eigene –

doe mei grutten – no mei pjutten. It projekt wurket mei kontaktpersoanen en by de krite wurdt frege om kontaktpersoanen om de bining mei it Selskip te behâlden en te fersterkjen. It Selskip hat oeral har woartels. Neist it Frysk stimulearret it Selskip ek oare streektalen.

It Ferslach fan de Fryske Foarlêswike 2015 is wer in moai foarbyld fan presintaasje en promoasje fan it Selskip en it súkses fan it projekt. Beide sprekkers krije in protte stipe fan de gearkomste.

- Mefrou G. Beenen fan it Hearrenfean wurdt ûnder hantsjeklap beneamd as lid fan it Selskip.

- De foarsitter beneamt de kwaliteiten fan ôftredend bestjoerslid mefrou Gerda Schuiling, benammen op it mêd fan krantsjes meitsje, fotografearje en aksjelisten. As ôfskie seit hy har in blomke ta. Tank foar har ynset foar it Selskip.

De seal jout in hantsjeklap foar it ôftredend bestjoerslid. Mefrou G. Schuiling hat yn Easterwâlde frege oft bestjoersleden of leden fan de krite yn bestjoer Selskip wolle, mar fan krite Easterwâlde is net ien reewillich om in sit yn it Selskip bestjoer te nimmen. Dochs is it wichtich in folslein bestjoer te hawwen.

- It Frysk Boun om Utens hat Plan 23 lansjearre. Yn 2023 hoopje hja harren 100-jierrich besteansfeest te fieren. Se wolle sa folle mooglik mailadressen fan Frysksinige minsken ûntfange om nijs oer Fryslân, it Frysk en it Boun de wrâld yn stjoere te kinnen. De foarsitter hat de bedoeling noch efkes útlein oan de gearkomste, mar spitigernôch kaam der net folle flecht op ‘e koai.

De wichtichste aktiviteit fan it Selskip is it Foarlêzen oan pjutten yn

De Fryske Foarlêswike : jierliks de earste folle wike fan juny

Provinsjaal Projekt lêzen en foarlêzen oan pjutten op pjutteboartersplakken, bernedeiferbliuwen en by gastâlders.

Gearwurkingsprojekt fan it Selskip en de Afûk / Tomke wurkgroep.

Doel

It Projekt stribbet dernei om yn de Fryske Foarlêswike op (alle) pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen yn de provinsje Fryslân - Fryske Tomke ferhalen foar te lêzen om sa it aktyf brûken fan de Fryske taal te befoarderjen en it lêzen en foarlêzen yn de Fryske taal te stimulearjen.

Skiednis

Sûnt 2002 is de Kommisje Foarlêzen warber mei de organisaasje fan it foarlêzen yn it Frysk oan pjutten.

Nei ien jier wie al dúdlik dat it Projekt Foarlêzen by lange net yn ien dei beflapt wurde koe. De tarin en it entûsjasme wie fuortendaliks grut. Yn it 2003 wie it noch in foarlêsdei, mar in jier letter is it projekt útgroeit ta in Foarlêswike. Sûnt 2005 wurdt der mear omtinken jûn oan bernedeiferbliuwen.

Wat in talen, wat in rykdom

Yn 2008 is it projekt útwreide mei de Stellingwerven. Yn East – en Weststellingwerf wurdt foarlêzen yn it Stellingwerfs.

Yn 2010 komt yn de gemeente Ljouwert it foarlêzen yn it Frysk oan pjutten fan de grûn. It jier dêrop is it slagge om yn Ljouwert foar te foarlêzen op rom 40 lokaasjes en troch 36 gastâlders.

Yn 2014 wurdt foar it earst yn it Bildt ek yn it Bildts foarlêzen en dit jier opnij. Yn 2015 kaam it boekje yn it Skiermûntseagersk út en ek dit jier is wer yn it Skiermûntseagersk foarlêzen. Tomkeferhaaltjes wurde dêrneist oerset en foarlêzen yn it Hylpers en Kloasters.

It resultaat

Dit jier is fan 6 o/m 10 juny foarlêzen oan in 12.500 pjutten troch sa'n 520 entûsiaste foarlêzers. It giet om 737 groepen op 254 pjutteboartersplakken en 114 bernedeiferbliuwen. Fierders ha 568 gastâlders foarlêzen oan in 1435 pjutten.

Mei it opsetten fan it Foarlêzprojekt hat it Selskip gâns wat minsken yn beweging krigen foar taal en kultuer en wurke oan presintaasje en publisiteit fan it Selskip. De hiele organisaasje: Kommisje Foarlêzen Selskip, kontaktpersoanen en foarlêzers bestiet út **frijwilligers**. It is in prestaasje dat sa'n grut projekt jierliks trochgang fynt.

Troch it Provinsiaal Projekt Foarlêzen yn it Frysk is oeral yn Fryslân - yn de stêden oan't yn de doarpen ta – oeral hat it Selskip op 'e nij har woartels en sa docht it Selskip noch altyd dat wat hja wichtich fûnen by de oprjochting yn 1844, nammentlik it stypjen fan de Fryske taal en it Frysk eigene.

It folsleine Ferslach Fryske Foarlêswike 2016 kinne jo opfreesje by de skriuwer fan it Selskip.

FboU – F R Y S K B O U N O M U T E N S

Ferslach fan toanielsaken fan It Frysk Boun om Utens oer it jier 2016

Algemien

Op de Algemiene Gearkomste (AG) fan It Frysk Boun om Utens op 8 april 2017 yn Lelystêd binne de toanielsaken oer 2016 rapportearre. Oangeande de útgebreide gegevens moat dan ek ferwiist wurde nei 'It Ambyld' sa as dat nei de 16 oanslúten kriterien ferstjoerd is. Elts jier wurdt der yn 'e oanrin nei de AG in enkête hâlden ûnder de kriterien en dan wurde alle aktiviteiten ynventarisearre. It folledige oersicht is opnaam yn 'It Ambyld', dat hjir boppe neamd is. By dit ferslach giet it om in gearfetting fan de toanielaktiviteiten oer 2016. Foar in folslein oersicht en oanfoljende ynformaasje fan de aktiviteiten fan de kriterien wurdt dan ek ferwiist nei de ynhâld fan 'It Ambyld' en it ferslach fan de AG (sjoch de hiemside fan It Boun www.fryskbutenfryslan.frl).

Lyk as yn 2015 wie it oantal kriterien dat by It Boun oansletten wie 16 en it totaal oantal leden wie 1855 op 31 desimber 2016. Ut it jierferslach fan de skriuwer fan It Boun blykt dat der yn totaal 75 kritegearkomsten west binne, wêrfan 31 toaniel- en kabaretfoarstellingen. Ek is rûchwei it oantal minsken byhâlden dat op de kritejûnen oanwêzich wie. Ut dy sifers blykt dat de toanielfoarstellingen de measte minsken luts. Dêr blykt dus wol út hoe populêr it Fryske toaniel is by de Friezen om Utens. It bestjoer fan It Boun docht der dan ek alles oan om sa folle mooglik foarljochting te jaan oan de kriterien en harren op 'e hichte te hâlden fan de ûntwiklings op dit mêd.

Bestjoer

De skriuwer fan it bestjoer fan It Boun rapportearret dat yn 2016 it haadbestjoer fjouwer kear by elkoar west is en wol op 18 febrewaris, 21 april, 7 septimber en 14 desimber. By eltse gearkomste stiet de stân fan saken op it mêd fan it toaniel op de wurklist. Wichtich blykt de

útwiksling fan ynformaasje. Stees faker heare we it útstel om in lânlike list gear te stallen fan toanieloptredens sadat eltsenien goed op 'e hichte is fan de toanielselskippen dy't bûten Fryslân op 'e planken komme. Lyk as yn 2015 wie Pietie Westdijk-Kaastra it bestjoerslid dy't de toanielsaken yn har portefúlje hie. Tagelyk wie se toanielliedster fan it dielstoaniel Súd-Hollân/Utert. Fanút it bestjoer is se ek bestjoerslid fan it IFAT, yn 'e mande mei de foarsitter fan It Boun Hâns Dijk.

Toanieldei/kaderfoarming

Op 22 oktober 2016 is de jierlikse trainingsdei foar toaniel en kaderfoarming organisearre. It plak fan gearkomste wie dit kear in seal fan de Kiekmure yn Hurderwyk. De opset ferskilde dit kear fan oare jierren. Earder wie it de regel dat it iene jier de toanielspilars sintraal stiene en it aktive spyljen ûnder lieding fan fakkundige dosinten oefene waard. It oare jier stie de kaderfoarming sintraal en dat betsjutte dat foaral de bestjoersleden fan de krite oantrúne waarden om oanwêzich te wêzen. Yn 2016 is de kar makke om beide doelstellingen te kombinearjen en dat hat der ta lied dat de moarns in sprekker ree wie om it kritelibben te analysearjen en om ideeën te opperjen om it kritelibben te stimulearjen. En dêrom wie de namme fan dizze dei: **Moetings- en ynspiraasjedei**. Op 22 oktober wie de gastsprekker Dr. Alex Riemersma. Sprekker is tige deskundich op it mêd fan de Fryske taal. Der wiene 35 ôffeardigens fan kritebestjoeren oanwêzigen en dat betsjutte dat de doelstellingen fan it bounbestjoer realisearre waarden. Dhr. Riemersma hâlde in nijsgjirrige ynliding oer de lytse talen yn Europa yn it algemien en it gebrûk fan 'e Fryske taal yn it bysûnder. Dhr. Riemersma brocht nei foaren dat der fansels soargen binne oer it brûken fan de Fryske taal. Dat witte we alle gearre. Mar der binne dochs ek in pear pluspunten. Yn it algemien kin konkludearre wurde dat it Provinsjebestjoer en ek de Ryksoerheid it brûken fan de Fryske taal stimulearje, foaral toch de foarskriften yn it ûnderwiis. Regelmjittich wurdt ûndersocht hoe it praten yn it Frysk him ûntwikkelt. Sommigen sizze dat it brûken fan de Fryske taal hurd werom rint. Mar dat blykt net út de ûndersyksresultaten. Mear dan 95% fan de ynwenners fan Fryslân kinne it Frysk ferstean en sa'n 50% praat eltse dei Frysk. Foar ús Fryske krite binne sokke getallen dochs in opstekker. It betsjut dat it de muoite leant om de minsken dy't fanút Fryslân ferhúzje, oan te trûnen lid te wurden fan in Fryske krite en mei te dwaan oan de aktiviteiten, bygelyks it toanielspyljen. It moat sein wurde dat it wolris muoisum is om dizze minsken te berikken. Eartiids koene by it gemeentehûs de gegevens opfrege wurde fan de minsken dy't fanút Fryslân nei in oare provinsje ferhúzen mar dat wurdt tsjintwurdich wegere fanwege de privacyfoarskriften. Fansels is dat spitich foar ús Fryske krite want no moatte we sels de nije ynwenners yn doarp en stêd opsykje en neigean of se niget hawwe oan it kritelibben. Neffens sprekker Riemersma kin it Frysk profitearje fan de ûntwikling dat der stees mear twa-talige en somtiids trije-talige skoallen binne. Riemersma fededige de stelling dat meartaligens gunstich is foar it Frysk.

En sa binne der mear positive punten. Alderearst moat Omrop Fryslân neamd wurde. Fan alle regionale senders wurdt Omrop Fryslân it measte besjoen en belústere. Riemersma neamt ek de muzyk en popsong yn it Frysk. Ek dat is in pluspunt.

Middeis stiene it toaniel en ús toanielploegen sintraal. Bekend is dat it toanielspyljen en it organisearjen fan toanieljûnen by de Fryske krite tige wichtich is. It Frysk Boun docht der alles oan om it wurk fan de krite te stimulearjen en soarget dan ek safolle mooglik foar stipe en foarljochting.

Op dizze toanielmiddei wiene Jan Arents en Marijke Geertsma útnoege om ynstruksje te jaan. Bekend is dat se beide grutte fertsjinsten hawwe foar sawol it profesjonele- as it amateurtoaniel yn Fryslân. Jan en Marijke begûnen der mei te fertellen dat se jierren lyn al by de Fryske krite kamen mei harren programma's. Letter hawwe se wurke by Tryater en doe

waard dat minder. Mar de lêste jierren binne se wer selsstannich en se hawwe al wer in oantal útnoegings by de Friezen om Utens hân. Dizze jûne trede hja op yn Hurderwyk, it plak fan dizze moeting- en ynspiraasjedei.

Fierder fertelden Jan en Marijke oer de ûntwiklings yn Fryslân op it mêd fan toaniel en toanielspyljen. Der moat konstataarre wurde dat it oantal amateurtoanielploegen werom rint mar der komt wol wat oars foar yn 't plak. Sa hat it bliken dien dat it oantal iepenloftspullen sterk tanimt en dat is in goede saak. Op de ien of oare wize hawwe de minsken dochs niget oan toanielspyljen. Fansels is der yn de lytse doarpen in probleem om de rollen te besetten. Sa as we witte rint it oantal ynwenners fan de measte doarpen al jierren tebek en dat hat fansels konsekwinsjes hân. Mar der moat sein wurde dat der noch in hiel protte op 'e priemmen set wurdt. De sprekkers bringe nei foarren dat in punt fan diskuzje stees wer is: de kriich. Probleem is dat it fak fan karmasterjen net ienfâldich is. Dêr is no ienkear net oan te ûntkommen mar it levert sa no en dan wol ûntefreden gesichten op. En dêr moatte de spilers en de regisseurs tsjin kinne. Der binne toanielploegen yn Fryslân dy't om dy reden net mear meidogge oan de kriich. Dat is fansels tige spitich mar it hat bliken dien dat úteinlik de mearderheid dochs de kriich yn stân hâlde wol. Elts jier is der in slotjûne yn de Lawei yn Drachten en dan wurde de prizen bekend makke.

Yn it kontakt fan Jan en Marijke mei de oanwêzigen yn 'e seal kamen doe allehande fragen en problemen nei foaren sa as we dy eltse dei op it mêd fan it toanielspyljen meimeitsje. In earste fraach is wêrom we eins toanielspylje. Wêrom dogge wy dat by ús krite? Werom noegje wy eins toanielploegen út? Ut de antwurden fan de oanwêzigen blik dat blykber it spyljen fan toaniel en it bywenjen fan in toanielfoarstelling nocht en wille jout. Ut de reaksjes kaam nei foarren dat it útbylzen fan types en karakters de minsken oansprekt. Dat blykt ek út it feit dat it oantal minsken op in kritejûne it grutst is as der in toanielstik opfierd wurdt. Foar de spilers is it de keunst om sa mooglik de emoasjes en gefoelens oer te bringen op it publyk. Neffens Jan en Marijke moatte je de minsken op it gemoed komme. Dat is net sa maklik en dat moat dus oefene wurde. De spiler moat him of har stees wer ôffreechje: 'Wa bin ik eins. Hoe moat ik tinke. Hoe moat ik my fiele. Hoe komt it oer by de minsken'. Ja, en dat makket it toanielspyljen ta in keunst. It is net inkeld it út de holle learen fan in tekst. Oh nee, dat is eins noch mar it begjin. As de tekst der yn sit, dan begjint it pas. It giet om it reagearjen op wat de oar seit, it giet om it reagearjen op de hâlding fan de oare spiler.

En sa waarden der tige goede ynstruksjes jûn oan de oanwêzigen. Der koe op ferskate wizen profitearre wurde fan de grutte ûnderfining fan Jan en Marijke. Tige betûft en bedreaun kinne hja neamd wurde. En sa kamen de lytse kneepjes fan it fak fan toanielspyljen nei foarren. Hjrmei koe de moeting- en ynspiraasjedei yn Hurderwyk as tige slagge neamd wurde. En jûns kamen Jan en Marijke mei harren nije stik dus op 'e planken.

Toanielpromoasje, toanielploegen/dielstoaniel

It dielstoaniel fan Súd-Hollân/Utert kin werom sjen op in tige súksesfol jier omdat de doelstelling om wer in stik op 'e planken te bringen, slagge is. In nije stik is ûnder de deskundige lieding fan regisseuze Antje Hooijenga entûsjast oppakt en yn novimber fan it ferslachjier koe de premjêre plak fine. Lyk as earder kamen de spilers út Gouda, Boadegraven, Woerden, Maarssen, Utert en Houten. Omdat de regisseuze út Alphen aan den Rijn kaam, waard der yn Boadegraven rippetearre.

Mei it doel it toanielspyljen yn de krite en it opfieren fan toanielstikken sa folle mooglik te stimulearjen, stjoert de skriuwer fan It Boun Kees van der Beek safolle mooglik titels fan nije stikken en nammen fan skriuwers troch nei de krite sadat dy materiaal ha om in kar te meitsjen. De toanielploech fan de krite yn Assen dy't tige aktyf is, is earder al oanmoedige om mei te dwaan oan de toanielkriich yn Fryslân.

Gearfetting fan de toanielkosten oer 2016

Yn it ferslachjier hawwe wer in protte Friezen om Utens harren ynset foar it toaniel en it toanielspyljen. Fanwege de relatyf gutte ôfstannen is dat net altyd sa maklik mar it bestjoer fan It Boun docht der alles oan om it toaniel sa folle mooglik yn eare te hâlden. In effisjente kommunikaasje is dêrby fan grut belang. Kritebestjoeren moatte op 'e hichte bliuwe fan hokker stikken goed by harren publyk lizze. Yn it algemien kin sein wurde dat de mear klassike stikken der better ynfalle as de moderne. Lokkich is de ynset fan de minsken heech en de stipe fan IFAT wurdt tige wurdearre.

It ôfsluten

IFAT koe yn 2016 wer folop oan 'e slach mei har doelstelling: "It fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer".

Dêrom wol it bestjoer IFAT graach eltsenien tanksizze dy't it mei har mooglik makke hat dat wurk te realisearjen.

Mildaam / Ljouwert, augustus 2017

Ut namme fan it Stiftingsbestjoer,

G. J. Frieswijk, foarsitter

K. Kuipers, skriuwer

IFAT: De takomst fan it Frysk binne wy sels!



MIENSKIPLIKE TOANIELBOEKERIJ IFAT / STAF - Doelgroep BFT / Selskippen

Sûnt 1985 ha Ifat en Staf in mienskiplike **toanielboekerij** fan âlde toanielboekjes, sawol jûnfoljend as ienakters. Toanielselskippen en Kritten dy't oansluten binne by boppesteande organisaasjes kinne gebrûk meitsje fan de dizze boekerij.

Tiidrek

De stikken binne fan foar sirka 1990.

Ynhâld boekerij

De boekerij omfettet sa'n 700 jûnfoljende stikken en manuskripten en in 400 tal ienakters.
Jo kinne stikken neifreegje op titel of op skriuwer.

Sjenre

De boekerij is ûnderferdielt yn 5 sjenres:

1. Earnstich
Toanielstik, oarspronklik toanielstik, drama, ernstich stik
2. Fleurich
Blijspul, komeedzje, oarspronklik fleurich stik, satirysk - satire
3. Klucht
Kluchtich spul, klucht
4. Skriller
Misdiedstik, detektive, in komyske / fleurige / ysliek fleurige – skriller
5. Ferskaat
Revu, iepenloft, stik mei sang, histoarysk ferhaal

Ek binne d'r manuskripten fan Pyt de Vries en toanielstikken fan Tesselschade Hurdegaryp.

Oanfolling boekerij

De boekerij wurdt net mear oanfolle mei nije stikken, dêrfoar ferwize wy jo nei de StUFT. Alde toanielboekjes bliuwe wolkom, it soe skande wêze as dy by it âld papier bedarje.

**Foar fierdere ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei behearder boekerij
Mefrou T. Pool – Bruinsma Ds. Carsjenssingel 27 9216 VV Aldegea (Sm.)
Tillefoan 0512 77 52 93 E-post tinekepool@upcmail.nl**

Foar ynformaasje oer resinte stikken, skilje mei Gerda van der Wijk 058 234 30 80
e-mail: g.vdwijk@afuk.nl . Woansdei, tongersdei en freed fan 09.30 – 13.00 oere.
Of sykje yn de katalogus, sjoch op de webside fan StUFT: www.stuft.nl

Maart 2015

I.F.A.T.
It Frysk Amateur Toaniel



Oprjochte 24 july 1953 troch
BFT - FBOU - IT SELSKIP

Jierrekken

I F A T

2 0 1 6

IFAT: De takomst fan it Frysk binne wy sels!

Jierrekken 2016 Stifting IFAT

		Kosten	Ynkomsten	Subs. Prov.	Keopel Subs. Keunstwurk
<u>Ofrekken 2016</u>					
Bibleteek	1	€ 318,00		€ 318,00	
Doelgroep BFT Selskip		€ 37.457,76	€ 7.518,00	€ 3.990,76	€ 25.949,00
	2 Toanielkriich				
	4 Jongereintoaniel				
	5 Foarmingkarmasters				
	7 Staftoanielpriis				
FBoU		€ 2.613,26	€ -	€ 2.613,26	
	2 Toanielkriich				
	3 Toanielwykeinen				
Selskip 1844		€ 13.232,76		€ 2.732,76	
	6 Foarlêsprojekt				
Subsydzje Gemeente Ljouwert			€ 3.000,00		
Subsydzje Provinsje			€ 7.500,00		
		€ 53.621,78	€ 18.018,00	€ 9.654,78	€ 25.949,00

Rekken fan Baten en Lêsten oer 2016

<u>Baten algemien</u>		IFAT	STAF	FBoU	Selskip
Rinte bankrekken		€ -8,89			
 <u>Miene lêsten</u>					
Gearkomste, reis- en burokosten		€ 2.170,87			
Underskate saken		€ 12,30			
		€ 2.183,17			
 <u>Projekten / Aktiviteiten</u>					
1. Bibleteek IFAT	lêsten	€ 318,00			
	baten	€ -			
		€ 318,00			
2. Toanielkriich	lêsten		€ 29.541,00		
d.g. BFT	baten		€ 7.518,00		
			€ 22.023,00		
FBoU	lêsten			€ 858,50	
	baten			€ 858,50	
3. Toanielwykein	lêsten			€ 1.030,00	
	baten			€ 1.030,00	
4. Jongereintoaniel	lêsten		€ 7.146,00		
	baten		€ 7.146,00		
5. Foarming	lêsten		€ 46,00		
Karmasters	baten		€ 46,00		
6. Foarlêsprjekt	lêsten				€ 12.508,00
	baten				€ 10.500,00
					€ 2.008,00
	Totaal	€ 2.492,28	€ 29.215,00	€ 1.888,50	€ 2.008,00
Prov. Subs. d.g. BFT			€ 25.949,00		
Tekoarten		€ 2.492,28	€ 3.266,00	€ 1.888,50	€ 2.008,00
It tekoart meielkoar		€ 9.654,78			
Te ferpatsjen stipe bedrach		€ 9.900,00			
Minus		€ 2.492,28			
		€ 7.407,72			

Jierrekken 2016 Stichting IFAT

<u>Balans</u>	1-1-2016	31-12-2016
<u>Aktiva</u>		
Bankrekken	€ 10.011,92	€ 10.828,48
Rinte	€ 51,78	€ 8,89
Nog te ontvangen bedragen	€ -	€ -
Subs. Bestjoersôfspraak Frysk	€ -9.775,00	€ -9.900,00
Tekoart 2015/2016	€ 9.790,65	€ 9.654,78
	<u>€ 10.079,35</u>	<u>€ 10.592,15</u>
<u>Passiva</u>		
Rinnende Rekken organisaasjes	€ 6.807,00	€ 7.146,85
Vooruit ontvangen bedragen	€ 3.005,00	€ 3.115,00
Nog te betalen bedragen	€ 267,35	€ 330,30
	<u>€ 10.079,35</u>	<u>€ 10.592,15</u>

Toelichting: Rinnende Rekken dielnimmende organisaasjes

	STAF	FBoU	Selskip	Totaal
Saldo op 1-1-2016	€ 3.114,00	€ 1.916,00	€ 1.777,00	€ 6.807,00
Foarskot 2015	€ -2.950,00	€ -1.460,00	€ -1.460,00	€ -5.870,00
	€ 164,00	€ 456,00	€ 317,00	€ 937,00
Oanfolling Neg. Kaptaal 2015	€ -7,14	€ -4,13	€ -4,39	€ -15,65
	€ 156,86	€ 451,87	€ 312,61	€ 921,35
Ofrekken 2015	€ -164,00	€ -456,00	€ -317,00	€ -937,00
	€ -7,14	€ -4,13	€ -4,39	€ -15,65
Tekoart 2016	€ 3.266,00	€ 1.888,50	€ 2.008,00	€ 7.162,50
	€ 3.258,86	€ 1.884,37	€ 2.003,61	€ 7.146,85

Toelichting: Jildmiddels

It negative saldo op 1-1-2016	€ 15,65
Fuortwurkjen fan negatyf kaptaal door organisaasjes	€ -
	<u>€ 15,65</u>
It berekende tekoart oer 2016	€ 9.654,78
Maks. Subsydzje 2016	€ 9.900,00
	€ -245,22
	<u>€ -229,57</u>